



Provinsje Fryslân
Provinsjale Wettersteat
t.a.f. [redacted] J
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 24 maart 2026
Ferstjoerd, 24 MAART 2026

Ús merkteken : 02486410
Domein/ Team : Assetmanagement
Opsteld troch : [redacted] J / (058) 292 59 25 of [redacted] J @fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Ynstimmingsbeslút Neisoarchplan Baggerdepot Trijehûs

Achte [redacted] J

Provinsje Fryslân hat, yn syn rol as eigener, in aktualisearre fersy fan it neisoarchplan foar it stoartplak Baggerdepot Trijehûs (hjienei: it stoartplak) opstelle litten. Oanlieding foar de aktualisaasje is de winsk fan provinsje Fryslân om – nei ynstimming mei it aktualisearre neisoarchplan – in slutingsferklearring te krijen as bedoeld yn kêst 8.47, lid 3 fan de Wet milieubeheer (hjienei: Wm). Deputearre Steaten fan 'e provinsje Fryslân is hjirfoar foechhawwend gesach.

It stoartplak leit op in eilân noardlik fan Grou, dat diel útmakket fan it perseel kadastraal bekend as: Grouw, sectie C, nummer 2119. It eilân wurdt begrinzge troch it Prinses Margrietkanaal oan 'e noard- en westkant, de Trijehûster Sleat oan 'e súdkant en de Grêft oan 'e eastkant. It stoartplak is tusken 2004 en 2006 oanlein. Fan 2005 oant en mei 2011 is it stoartplak folle mei likernôch 310.000 m³ sanearringsbaggerspeesje út de Fryske farwegen. Yn 2015 en 2016 is de konstruksje om it fan boppen ticht te meitsjen oanbrocht. It stoartplak wurdt beskôge as in stoartplak foar baggerspeesje yn wetter. It stoartplak is natuerfreonlik ynrjochte en befettet in muorre foar ierdswellen.

Ynlieding

It neisoarchplan is in plan dat fan tapassing is nei't it stoartplak ôfwurke is en formeel troch de wei fan in slutingsferklearring dy't troch de provinsje ôfjûn is, sletten is. Nei sluting giet de neisoarchfaze yn. Dêr is de provinsje Fryslân op grûn fan de Wet Milieubeheer ferantwurdlik foar.



Om it stoartplak goed beheare te kinnen, skriuwt de eksplôitant in neisoarchplan. Dêr wurde de skaaimerken fan it stoartplak dy't fan belang binne foar de neisoarch, yn beskreaun. Dat binne bygelyks wurksumheden oangeande ûnderhâld, monitoaring en reparaasje (ynklusyf ferfanging), om it stoartplak yn in goede steat te hâlden. Mei goede steat wurdt bedoeld dat it sletten stoartplak in akseptabel minimum oan miljeurisiko opleveret.

Juridysk ramt & Hifkingsramt

Paragraaf 8.2 fan de Wm stelt regels oangeande sletten stoartplakken. Dy regels binne derop rjochte dat yn gefal fan in sletten stoartplak sokke maatregels nommen wurde dat it stoartplak gjin neidielige gefolgen foar it miljeu feroarsaket of, foar safier't dat yn reedlikheid net ferge wurde kin, de grutst mooglike beskerming tsjin dy neidielige gefolgen bean wurdt.

Kêst 8.48 fan de Wm skriuwt foar dat dizze titel allinne fan tapassing is foar stoartplakken dêr't op of nei 1 septimber 1996 noch ôffal stoart is of wurdt. Om't it stoarten yn Baggerdepot Trijehûs yn 2011 beëinige is, falt Baggerdepot Trijehûs ûnder dy regels fan de Wm.

Foech Deputearre Steaten

Kêst 8.50 fan de Wm belêst Deputearre Steaten fan de provinsje dêr't in sletten stoartplak yn leit mei de finansjele, bestjoerlike en organisatoaryske aspekten fan de neisoarch foar dat stoartplak. Dy neisoarch is yn it neisoarchplan beskreaun.

Easken oan neisoarchplan

It neisoarchplan moat op grûn fan kêst 8.49, tredde lid fan de Wm troch de jinge dy't it stoartplak driuwt, opsteld wurde. It neisoarchplan moat ynstimming fan it foechhawwend gesach hawwe. Op basis fan it neisoarchplan kinne finansjele berekkeningen makke wurde om fêst te stellen hokker doelfermogen op it stuit fan sluting fan it stoartplak by de provinsje oanwêzich wêze moat, om de ivichduorjende neisoarch finansierje te kinnen.

In neisoarchplan foar in stoartplak moat ynfolling jaan oan de maatregels dy't yn it earste en twadde lid fan kêst 8.49 fan de Wm neamd wurde:

Artikel 8.49, eerste lid, Wm

Met betrekking tot een gesloten stortplaats worden zodanige maatregelen getroffen dat wordt gewaarborgd dat die stortplaats geen nadelige gevolgen voor het milieu veroorzaakt, dan wel, voor zover dat redelijkerwijs niet kan worden gevergd, de grootst mogelijke bescherming wordt geboden tegen die nadelige gevolgen.

Artikel 8.49, tweede lid, Wm

Tot de maatregelen, bedoeld in het eerste lid, worden in ieder geval gerekend:

- a. maatregelen strekkende tot het in stand houden en onderhouden, alsmede het herstellen, verbeteren of vervangen van voorzieningen ter bescherming van de bodem;*
- b. het regelmatig inspecteren van voorzieningen ter bescherming van de bodem;*
- c. het regelmatig onderzoeken van de bodem onder de stortplaats.*

Njonken de streekrjocht wurkjende ferplichtings op grûn fan de Wm hantearje wy foar it beoardielen fan de neisoarchplannen de IPO-tsjeklist 'Stortplaatsen 2022 (31 oktober 2022)' as hifkingsramt. Dêrmei wurdt in lanlik unifoarme en lykwaardige beoardieling berikt fan yntsjinne neisoarchplannen dy't ûnder de wetlike neisoarchregeling falle. Hifke wurdt oft yn it neisoarchplan foldwaande ynsjoch jûn wurdt yn it technyske maatregelpakket (û.o. ûnderhâld, ferfanging en monitoaring) dat foar de útfiering fan de neisoarch easke is.



Ta it hifkingsramt hearre njonken de Wm en de IPO-tsjeklist ek de Omgevingswet, de Omgevingsregeling, it Besluit kwaliteit leefomgeving en de jildende omjouwingsfergunning.

Heffingen

Nei de technyske beoardieling fan it neisoarchplan wurde, op basis fan de ynformaasje, lykas ferbûn oan it troch ús dan goedkarde neisoarchplan, de definitive neisoarchkosten en it doelfermogen foar it oanbelangjende stoartplak berekkene. Dêr wurdt it troch IPO fêststelde "Rekenmodel RINAS 4.2 (29 april 2024)" foar brûkt. Dêrmei wurdt in unifoarme berekening fan de neisoarchkosten/neisoarchheffing mooglik makke.

Op grûn fan kâst 15.44 fan de Wm stelle Provinsjale Steaten op basis fan it goedkarde neisoarchplan in heffing yn foar it bestriden fan de kosten dy't mei de ivichduorjende neisoarch fan it stoartplak anneks binne. Provinsjale Steaten hawwe dy heffing yn de "Verordening Nazorgheffing Gesloten Stortplaatsen Provincie Fryslân 2024" fêststeld.

Beoardieling

It neisoarchplan is neffens de wurkwize fan de jildende IPO-tsjeklist, dy't yn 2022 fêststeld is, opsteld. It neisoarchplan biedt in helder ynsjoch yn de foarskiednis, de omkriten, de beskikbere monitoaringsresultaten en de oanwêzige foarsjennings op en om it stoartplak hinne.

It neisoarchplan is op basis fan besteande plannen opsteld en beskriuwt de maatregels, dy't nei sluting en oerdracht nedich binne foar it optimaal behearen fan de miljeuhygiënyske situaasje oangeande de boaiem (grûn en grûnwetter) en it oerflaktewetter op en om it stoartplak Baggerdepot Trijehûs hinne.

Foar de berekening fan it doelfermogen is gebrûk makke fan RINAS fersy 4.2. Dêr binne yndeksearre merktariven by tapast. Foar yndeksaasje is útgien fan de CBS ynpriisindex foar de Grûn-, Wege- en Wetterbou.

Yn it neisoarchplan is in urginsjeplan opnommen, dêr't yn beskreaun wurdt hokker maatregels nommen wurde moatte as in yntervinsjepunt berikt wurdt. It yntervinsjepunt wurdt beskreaun as it punt wêrby't de grûnwetterkwaliteit signifikant minder wurdt.

Konklúzje


Mei it each op it foargeande komme wy ta de konklúzje dat it troch jimme yntsjinne neisoarchplan mei it foar it stoartplak Baggerdepot Trijehûs beskreaune maatregelpakket yn technyske likegoed as finansjele sin foldocht oan stelde betingsten út de wet- en regeljouwing foar sletten stoartplakken, de IPO-tsjeklist Stortplaatsen 2022 en it hantearre Rekenmodel RINAS 4.2 foar sletten stoartplakken.

Beslút

Mei it each op de Algemene wet bestuursrecht, de Wet milieubeheer, de Omgevingswet, de Omgevingsregeling, it Besluit kwaliteit leefomgeving, de IPO-tsjeklist Stortplaatsen 2022 en it hantearre Rekenmodel RINAS 4.2 foar sletten stoartplakken;

beslute wy:

1. de ynstimming fan 9 febrewaris 2016 (skaaimerik 01278718) op it troch de Provinsje Fryslân yntsjinne neisoarchplan foar baggerdepot Trijehûs, d.d. 30 novimber 2015, yn te lûken;




2. yn te stimmen mei it Nazorgplan Voormalig baggerdepot te Grou, Antea Group, Projektnummer 0400454.100 definitief revisie 02, 7 november 2025;
3. dat in eksimplaar fan dizze beskikking ferstjoerd wurde sil oan:
 - a. it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan de gemeente Ljouwert;
 - b. it deistich bestjoer fan Wetterskip Fryslân.

Hawwe jimme noch fragen?

Hawwe jimme noch fragen? Nim yn dat gefal kontakt op mei de [redacted] fan it team Asset Management fan Provinsjale Wettersteat fia tel. 06 [redacted] of e-mail [redacted]@fryslan.frl.

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter



drs. ing. J.J. Algra, sekretaris



Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin dêr binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren fan it beslút in beswierskrift by Deputearre Steaten tsjin yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

1. de namme en it adres fan de yntsjinner;
2. de deitekening (datum fan it opstellen fan it beswierskrift);
3. in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimerke* fan it beslút;
4. de grûnen fan it beswier (wêrom is de yntsjinner it net mei it beslút iens);
5. de hantekening fan de yntsjinner.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyjrjocht) ferbûn.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op www.fryslan.frl ûnder Kontakt > kontaktside > Beswieren en Klachten, of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje fia it Klantkontaktsintrum: till. (058) 292 59 25.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen